

# NEARNEWÂLD

IT SKRIUWERSBOUN 50 JIER



Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de provinsje Fryslân.

© 2019 Copyrights lizze by de respektivelike auteurs

Yllustraasjes: Laurens Bontes

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Laurens Bontes

ISBN 978 94 6365 179 0

NUR 303, 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat dêr skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôf giet.



[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

## NEARNEWÄLD



# NEARNEWÂLD

IT SKRIUWERSBOUN  
**50 JIER**

## YNHÂLD

|                       |   |     |
|-----------------------|---|-----|
| <b>FOAROPWURD</b>     |   | 8   |
| Laurens Bontes        | <b><i>Yllustraasje Nearnewâld</i></b>             | 10  |
| Jetze de Vries        | <b><i>Ik waard in doarp</i></b>                   | 14  |
| Josse de Haan         | <b><i>Wanne en de do</i></b>                      | 18  |
| Nyk de Vries          | <b><i>Snein is in rêstdei</i></b>                 | 20  |
| Janneke de Boer       | <b><i>Seis oer thús</i></b>                       | 22  |
| Foppe Venema          | <b><i>Mjuks foar de skriuwersbuku</i></b>         | 26  |
| Willem Verf           | <b><i>Tsjerke-asyl</i></b>                        | 32  |
| Koos Tiemersma        | <b><i>De frou by de bushalte</i></b>              | 36  |
| Job Degenaar          | <b><i>De man, het kind en de twee vrouwen</i></b> | 38  |
| Bert de Vries         | <b><i>It mantsje &amp; de kliber</i></b>          | 40  |
| Pieter de Groot       | <b><i>Waar ut Frys ut Leewarders ferdreef</i></b> | 46  |
| André Looijenga       | <b><i>Writer in residence</i></b>                 | 50  |
| Baukje Zijlstra       | <b><i>Kat en kwea</i></b>                         | 54  |
| Syds Wiersma          | <b><i>Man mei syn skaad</i></b>                   | 58  |
| Piter Boersma         | <b><i>Op it havenhaad</i></b>                     | 60  |
| Jelle Bangma          | <b><i>De reüny</i></b>                            | 64  |
| Sietse de Vries       | <b><i>Xi Jinping</i></b>                          | 68  |
| Talea Jansma          | <b><i>'t Dorp</i></b>                             | 72  |
| Popke Popma           | <b><i>Soks ha ik wer ...</i></b>                  | 76  |
| Berber Spliethoff     | <b><i>Hurde wyn</i></b>                           | 78  |
| Douwe de Bildt        | <b><i>It boatsje fan dokter</i></b>               | 82  |
| Tryntsje van der Veer | <b><i>De Swalker</i></b>                          | 86  |
| Douwe Kootstra        | <b><i>Wettertoere</i></b>                         | 90  |
| Wim Beckers           | <b><i>Beppe</i></b>                               | 94  |
| Geert Nauta           | <b><i>Bombardon</i></b>                           | 96  |
| Geart Tigchelaar      | <b><i>Buorfrou Evelyn</i></b>                     | 100 |
| Sjoerd Bottema        | <b><i>Mei-inoar ien</i></b>                       | 102 |
| Marije Roorda         | <b><i>Fonkelfeart</i></b>                         | 106 |
| Sybe Joostema         | <b><i>Harkestrjitte</i></b>                       | 108 |
| Ytsje Hettinga        | <b><i>De man werom</i></b>                        | 112 |
| Trevor Scarse         | <b><i>Tys</i></b>                                 | 114 |
| Tialda Hoogeveen      | <b><i>Yn 'e fierte</i></b>                        | 116 |
| Wobbe Atsma           | <b><i>Universalis</i></b>                         | 118 |
| Klaas Wielinga        | <b><i>In fin mear as in bears</i></b>             | 120 |
| Hidde Boersma         | <b><i>Brânbult op 'e iisbaan</i></b>              | 124 |
| Martsje de Jong       | <b><i>Freugdeffoer</i></b>                        | 128 |

|                     |  |     |
|---------------------|--|-----|
| Giny Bastiaans      | <b><i>Oan de boskrâne</i></b>                | 132 |
| Lomme Schokker      | <b><i>De trein</i></b>                       | 134 |
| Jan Schotanus       | <b><i>Treine</i></b>                         | 138 |
| Hein Jaap Hilarides | <b><i>De stap fan Ria Akkerman</i></b>       | 142 |
| Ruurdsje de Haan    | <b><i>De bus nei Nearnewâld</i></b>          | 146 |
| Neeltje Bonnema     | <b><i>Treast fan in bûsdoek</i></b>          | 148 |
| Geartsje Douma      | <b><i>De moaiste winkel fan 'e wrâld</i></b> | 152 |
| Jetske Bilker       | <b><i>Pin- en oar leed</i></b>               | 156 |

## FOAROPWURD

Yn 1994 ferskynde ta gelegenheid fan 25 jier It Skriuwersboun *Wa't skriuwt bliuwt*, mei bydragen fan skriuwers oer it skriuwen. Yn 2019 fiert It Skriuwersboun it 50-jierrich jubileum. Fansels litte wy dit net samar foarbygean.

It Skriuwersboun hat de belangebehertiging fan skriuwers yn de Fryske taal en har farianten ta doel. Dêrneist wolle wy it brûken fan it Frysk foar literêre teksten oanfiterje. Sa ûntstie it plan om by dit jubileum net it skriuwproses út te ljochtsjen, mar de leden út te nûgjen har kreatyf te uterjen, om sa ta in nijsgjirrige útjefte te kommen.

Foar jimme leit *Nearnewâld*, in boek oer in fiktyf doarp yn Fryslân. Laurens Bontes fersoarge de tekening fan it doarp en ús leden waarden nûge in detail nei kar te ferwurkjen yn in ferhaal of gedicht. Wy wiene benijd nei it ferskaat, en ek oft der gearhing ûntstean soe, want skriuwen bliuwt úteinlik in yndividuele aktiviteit, oft it no giet om in roman, ferhaal, gedicht of toanielstik. De animo wie grut, mei as resultaat mear as fjirtich bydragen. Nearnewâld waard it toaniel fan libben, yntriizjes, aventoer en ferstilling.




Wy tankje alle skriuwers en dichters dy't in  
bydrage levere hawwe, yllustrator en foarmjouwer  
Laurens Bontes, Jitske Kingma fan útjouwerij  
Elikser en de redaksje dy't de útjefte begelaat hat  
– besteande út Jetske Bilker, André Looijenga en  
Baukje Zijlstra – foar de noflike gearwurking en de  
Provinsje Fryslân foar de stipe.

Ta einbeslút winskje wy de lêzer in soad nocht en  
wille mei Nearnewâld, in plak fan alle tiden.

**Ut namme fan it bestjoer fan It Skriuwersboun,**

*Tryntsje van der Veer  
Ljouwert, septimber 2019*

**[www.skriuwersboun.nl](http://www.skriuwersboun.nl)**




LAURENS BONTES

*Yllustraasje Nearnewâld*














**JETZE DE VRIES**  
*Ik waard in doarp*


**Ik waard** in doarp  
wist net wêrom  
jûns it hert in diskoteek  
moarns in tsjerke

it hier wie takkebosk  
dreamend as it waad  
bestelbus en bernewein  
witwêreane har paad

ik waard in doarp  
toerend út it lân  
gleon as motorman  
glimkjend oer fiskerêgen

in trombône stift de lippe  
spanningsbôge, sulverkobbe  
wjokslach tutet terras  
lemieren út 'e jas

Ik waard in doarp  
wist net wêrom  
jûns it hert in diskoteek  
moarns in tsjerke



**JOSSE DE HAAN**  
*Wanne en de do*



**De hoanne** op de tsjerketoer wie yn drok petear mei in postdo. Soms draaide er in rûntsje, sadat de do achter him oan fleane moast. De do frege him ôf oft de hoanne nei syn operaasje noch wol doogde.

- Do* Wat ha se presys mei dy útheefd, ik ken dy hast net werom.  
*Wanne* Moatst hearre, se hawwe myn eagen feroare yn skerpe laserfierrekikers, ik tink dat ik no alles yn it doarp yn 'e rekken hâlde kin.  
*Do* Mei kamera's?  
*Wanne* Ja, it binne digitale lasers. Hast myn lêste opnames trochjûn?  
*Do* Foaral de observaasjes fan de Fryske skriuwer, de Fryske lânskipsskilder en de âld-politikus-Frysk wiene se bliid mei. Se tinke datst waarm bist.  
*Wanne* Dy nije lasers wurkje ek nachts. Ik sjoch alles. Yn it doarp en op see.

It doarp Nearnewrâld wie yn in lyts skoftke tiid slim feroare. De ynwenners hâlden ôf en ta de siken yn. Soms hearden se om middernacht sjitterij en geraas. Faaks wie it de ymport. Sûnt in healjier joech de hoanne op de roomske toer nachts ljocht. Soks koste jild wylst de tsjerke gjin sint hie.

De Fryske lânskipsskilder hie dêr wolris in eksposysje om wat by te fertsjinjen – it smiet net in soad op. De pleatslike Fryske dichter lies elke moanne fersen foar yn 'e tsjerke, ek om by te fertsjinjen, want fan Fryske literatuer koest net libje. It foarlêzen luts in bytsje folk.

Mei de ferkiezings frege de âld-politikus-Frysk de lju in euro om nei syn rede te harkjen – ek hy moast wat byfertsjinje, want de wachtjilden-Frysk wiene leech. Hoe kamen dy lju troch de tiid?

De speurders dy't de hoanne lasereagen jûn hiene – sadat er nachts ljocht joech – hiene har dat ek ôffrege. Nimmen yn it doarp wist dat de hoanne no mear funksjes hie as allinne de wynrjochting oanjaan.

No't de âld-politikus-Frysk net libje koe fan syn meager pinsjoen-Frysk, de Fryske lânskipsskilder hast neat ferkocht en de Fryske dichter op in houtsjie biet hiene se de lapen gearsmiten. Alle trije striden op har wize foar it Frysk, en alle trije fochten tsjin de grutte taalbroer yn de Grutstêd. Nei oeren oerlis yn de pleatslike kroech hiene se der wat op fûn.

*Do* Hast al in idee hoe't it yn elkoar stekt?  
*Wanne* Foar in part. Ik moat noch sjen hokker rol de tsjerke spilet.  
*Do* Tinkst dat dy yn 't geheim meidocht?  
*Wanne* Ja. Tsjerken libje fan komplotten, tink mar oan dy pedofile rotsakken.  
*Do* Do moatst se dus oer it mad komme.  
*Wanne* Ja, sokssawat. Hjir in listje foar de haadkommissaris. It liket dat hy guon de hân boppe de holle hâldt.  
*Do* Lykas dy biskoppen dogge.  
*Wanne* Ja, soart siket soart.

Yntusken sieten de trije Fryskstriders yn in bar by de tsjerke te swetsen. De âld-politikus Frysk begûn oer de nije hoanne.

'Ik fertrou dy hoanne net,' sei er. 'Ik haw him in pear kear bestudearre, foaral nachts. Hy doocht net mei syn laserstrielen. De Fryske lânskipsskilder fûn dat er net yn it lânskip paste en woe de hoanne fan de toer sjitte. De Fryske dichter bewearde dat er it in poëtyske en surrealistyske hoanne fûn mei syn laserljocht. Hokker doarp hie soks?

De Fryske lânskipsskilder sei dat de âld-politikus-Frysk gelyk hie. Sels as der gjin wyn wie draaide de hoanne rûntsjes. Boppedat siet der altiten in do njonken de hoanne, ek dat wie fertocht. It wie faaks tige poëtysk, mar yn dat surrealistyske barren skûle it gefaar. It hie derfan dat dy hoanne it doarp yn 'e gaten hâlde. Dizze hoanne luts tefolle folk. As nachts it boatsje kaam waard it mei al dy toeristen te gefaarlik.

*Do* Wat sjochsto nachts allegearre yn it doarp en yn de haven?  
*Wanne* As ik myn laser oer de see fleane lit sjoch ik soms in boatsje dat oanleit, en dan rinne lju lâns de ljochttoer nei de tsjerke.  
*Do* En dan?  
*Wanne* Neat. Ik kin se fan boppen net sjen.  
*Do* Dy foto's dy't ik nei de Grutstêd flean, hawwe dy der mei te krijen?  
*Wanne* Ja, it binne close-ups fan dy nachtridders.

In wike letter stiene de trije Fryskstriders yn 'e lijstje foar de tsjerke oer – it wie fjouwer oere nachts. Soms skeat der in laserpylk oer har hinne, de hoanne draaide as in gek. Hy sammele de foto's dy't de do moarns betiid ophelje soe.

Soms draaide er rjochts-, dan wer loftsom.

De âld-politikus-Frysk hie in jachtgewear by him en besocht de hoanne yn 't fizier te krijen. Hy stinde sa't allinne in politikus-Frysk dat koe. De hoanne gisele rûntsjes, de âld-politikus-Frysk koe him net goed op 'e korrel krije. De eachlasers fan de hoanne kreëarren in ljochtsirkel.

De âld-politikus-Frysk besleat op 'e midden fan dy ljochtrûnte te mikken, sadat it organisme oantaast wurde soe. It waard al in bytsje ljochter. Hy skeat fiif seis kear en by it lêste skot seagen se de hoanne omfallen. Hy bleau oan ien poat hingjen.

Doe hearden se in auto fûl remjen. Fjouwer plysjes stoden ta de doarren út. De trije Fryskstriders stutsen de hannen omheech – se waarden de tsjerke ynsleept wylst de plysjes raasden dat se fertelle moasten wêr't de stuff ferstoppe siet. De Fryske lânskipsskilder rûn nei it altaar en sloech dat helendal iepen.

De plysjes bestudearren de ynhâld en begûnen te skatterjen – se seagen hûnderten keatsballen. De Fryske dichter – soan fan in keatsballemakker – naam in keatsbal yn 'e hannen. Hy sei: 'Hjir leit it bewiis dat we ea keatsten, se binne sammele foar de histoarje, de tradysje.' Doe bûtste er de keatsbal nei de achterkant fan de tsjerke. Dêr spatte er út inoar tsjin de muorre. Geelblau opljochtsjende pillen rôlen op 'e flier. De plysjes bolderden, de Fryskstriders flokten.


Op 'e tsjerketoer siet in do njonken de brutsen hoanne. Triennen rûgelen him út 'e eagen. Hy sei: 'Dy ûngelokken ha myn leafste freon fermoarde. Ik praat nea wer Frysk.'



**NYK DE VRIES**  
*Snein is in rêstdei*

**As jonkje** skode ik elke wike tusken ús heit en mem yn it tsjerkebankje. Op in moarn hearde ik neist my in snoarkjen. Mei in skok fernaam ik dat ús heit yn 'e sliiep fallen wie. Hastich besocht ik him wekker te triuwen, al hie ik wol in idee wêrom't er fuortdommele: de hiele wike foar de baas oan it wurk, yn 'e jûn faak noch oan it beunen. Dochs skamme ik my derfoar en doe't it fjirtjin dagen letter opnij barde frege ik him nei tsjerkstiid oft er net in kear wekker bliuwe koe. Stoef eage er foar him út, oant er ynienen heimsinnich glimke. 'De snein is in hiele belangrike dei, jonge,' flustere er. 'Witst wol wêrom? De snein – dat is in rêstdei.'





JANNEKE DE BOER

*Seis oere thús*

**Klokslach njoggen** oere set se sûnder in becfol te sizzen de kofje foar my del. Lykas altiten, sitte wy stilswijend foarinoar oer. Se sjocht ta it rût út, reaget har de lange grize teisters sa no en dan foar de eagen wei en giet fierder mei it ivich neat, eat dat sa typearjend foar ús libben is.

Goud wurdich op it hôf, dat wol. Dat de minsken ús betiden mei de rêch oansjogge, ik fyn 't net frjemd.

'No wat seist,' sis ik, tsjin better witten yn. It andert wachtsje ik net ôf en stap troch de bykeukensdoar nei bûten, de âlde konsistoarje by del, op nei it hôf.

'Moarn,' sis ik like batsk as altyd tsjin beide deagravers. In âld-Nearnewâldster komt werom nei hûs, hear ik se sizzen. Hoe hypokryt ek, de ein fan eltse reis, is it paad werom. Buorfrou hie al eefkes om 'e hoeke sjoen, se hie de hoazzen noch oan, laitsje de mannen. Grappich fyn 'k it net en kiezzich gean ik it gebou binnen. Fjouwer iuwen lang al, stroffelet de koster hjir oer de sarken fan de rike stjonkerts. Sels bin ik ferantwurdlik foar it útsliten fan seker in safolste part fan dy ea oe sa djoere stiennen. Al fjirtich jier stappe wy hjir om, dat wiif fan my en ik, sei de gek. Twa kear deis it oerwurk opwine. 'In opwinende taak yn in ôfrinnende saak,' grapkje ik dan tsjin bûtensteanders. Opwinend is it hjir oars fierder net, ôfrinnend al. At de tsjerkeklok ris net doocht, falt it heale doarp oer je hinne. Sjonge se yn 'e stêd dat de klokken foar je sjonge, dan steane se hjirre allegearre mei triennen yn 'e eagen mei te âljen 'Seis oere thús, seis oere thús'. 'Sa moai, koster, dat jo de klokken ek liede lieten,' en ik knik fan ja, nee en amen. Goddomme, steltsje skynhilligen.

It wetterige wintersintsje lit it ljocht troch de grutte glês-yn-leadfinsters waarm nei binnen falle. Stofdieltsjes twirlje dûnsjend troch de romte, wat fierderop tikje ik it sânglês mei de middelfinger krekt wat te hurd yn 'e rûnte. Soe Dûmny dat ek wolris dwaan, at de earste rigele de eagen werris net iepenhâlde kin?

De gielkoperen kandlers en kroanluchters eagje dof, ik sil Siete oantrune it guod te poetsen. Wylst ik 'Johannes de Doper, zijn kop is van koper, zijn kont is van blik' nuentsje, rin ik nei it deistige rûntsje troch it my eigen makke hillichdom fierder, nei de toer. Stap oer wat ea it hûnegat wie en begjin mei it opdraaien fan de gewichten. Beide balstiennen komme stadichoan omheech. 'Seis oere thús, jonges,' eamelje ik yn mysels de doarpsmemmen nei.

It hôf ha ik hjoed net foar mysels. Ik mei dêr graach allinnich omskarrelje. Roekeskyt fuortpoetse, ûleballen opromje en ferdwaalde bonken in goed plak jaan. Hjoed is dêr gjin tiid en romte foar. Deagravers helje grûn mei de skeppe nei

boppen, in pear boufakkers binne mei de dowestien dwaande. Se meitsje wille at ien ropt 'Hé, lûk de fuotten eefkes yn, wolste?' wylst er de houten beskerming om de stien hinne fêstmakket. In knikje nei harren is myn blyk fan wurdearring. At ik stean bliuw by de deagravers sjoch ik dat der grof geskut oan te pas kommen is. De pomp hat it wetter út de famyljekelder pompt, mei in brâner binne de muorren droechmakke en no komt de wytkwaste der oan te pas. Nijsgjirrich at ik bin, freegje ik: 'Slagget it?'

Se sjogge wat ferheard op en Sjoerd seit: 'Altyd itselde. Smoarge wiete bende.' Jild makket net lokkich, mar je kinne wol makliker de oare kant útsjen. Dea bliuwt dea, ek al wiest stjonkendryk, tink ik by mysels en knik ek de deagravers koart ta.

Krekt at ik foar iten oan 't slokje ta bin, rinkelet de telefoan. Frou Stiemsma fan oare kant de buorren: 'No koster, it sit sa. Ik miende yn de skimer te sjen dat der immen op it hôf omspûke. Alde Douwe hie 't der lêstlyn ek alris oer. Hy sei dat it faaks grêfrôvers binne. Koperdieven, of soksawat. Dat ik tocht, ik skilje jo mar eefkes?'

Heden hidskes. Dy is ek ryp foar de soarch, tink ik at ik har troch de hoarn sis: 'Goed, ik sil in slach oer 't hôf,' en sûnder fierdere babbelegûchjes hingje ik op. Koperdieven? No brekt my de klomp. 'Siete,' sis ik lûder as noadich, 'ik bin op it hôf.' Se jout as gewoanlik gjin krimp, pielt mei de noch sâtleaze ierdappels om en ik kin net oan har fernimme dat se my heart.

Skimerich is 't net mear; tsjin seizen en it is al neare nacht. Ik haatsje de winter, tink ik al langjend nei simmerwaarmte, sjit de learzens en de Blâklâder oan en strún oer it roaster it hôf op. Slûp, mei de hage yn 'e rêch, by it likehûske del, fierder by de lange rigen lâns. Soene se oait opstean? At er komt, lizze dizze earme sielen der yn alle gefallen klear foar. Kop derby hâlde, Sytze, trún ik mysels oan en rin gau, hooplik út it each, fierder. Ik wurd hjir te âld foar.

Dêre! Beweecht dêr wat? Fuotsje foar fuotsje glûp ik tichterby, it sil dochs net? Foar't ik goed en wol sjen kin wa't of wát der by de reinpipe omgriemt, ferdwynt hookstrooks de grûn ûnder myn fuotten, rûk ik de smook fan brân. Sjoch de boaiem op my ôfkommen, klau yn panyk de neils oer de farske farve... KRAK klinkt it at syn [headfirst] ljocht útgiet.

Klokslach seis oere sit Siete klear oan 'e itenstafel. De stoom slacht fan de pannen ôf, de sjúpanne is waarm. Ut gewoante skept se Sytze syn board fol. Se wachtet. Wêr bliuwt er dochs?



...

